

PARSEBERJOCHT

15 juny 2020

‘Ús Rainbow Warrior’ Sipke Jan Bousema

As lêste provinsje yn Nederlân hyst ek Fryslân de reinbôgeflage, as eksplisite stipe foar de LHBTI-mienskip. Yn de Fryslân DOK [‘Ús Rainbow Warrior’](#) de striid fan telefyzjemakker Sipke Jan Bousema om de polityk safier te krijen.

Op 27 maaie stimden 30 fan de 43 Fryske steateleden fóar de moasje om de reinbôgeflage te hisen op Coming Out Day. In oerwinning foar Sipke Jan Bousema, dy't dêr efter de skermen lang striid foar levere hat. Yn 2016 al hie Fryslân ien fan de earste 'reinbôgeprovinsjes' wurde kinnen, mar doe stimde in romme mearderheid yn de Steaten tsjin in reinbôgemoasje. Ien fan de arguminten wie dat Artikel 1 fan de Grûnwet de gelikense behanneling fan eltsenien genôch boarget, en dat flagje foar spesjale groepen just nét winske is.

Yn de Falentysspesjal fan it programma 'First Dates' fertelt in emosjonearre Sipke Jan wat dy ôfwizing mei him docht. Syn heit en mem reagearren eartiids hiel goed op syn coming out en sy hawwe him altyd stipe.

Yn de Fryslân DOK 'Ús Rainbow Warrior' praat Sipke Jan yn syn âlderlik hûs yn it doarpke Wyns oer de paradoks fan it 'oars mar net oars' wêzen. Dat hy no as BN'er net folle tsjinwyn ûnderfynt, mar dat jonges en famkes yn de provinsje wol ferlet hawwe fan sichtbere stipe. De sifers oer pesterijen en sels suïside meitsje dat pynlik dúdlik. Dokumintêremakker Annet Huisman folget Sipke Jan ek yn it bewurkjen fan de polityk. En wylst der op it provinsjehûs praat en praat wurdt, wachtet de praktyk net langer: by fuotbalklups Drachtster Boys en Be Quick Dokkum giet de reinbôgeflage yn top, om út te strielen dat fuotbal foar elkenien is.

Fryslân DOK: 'Ús Rainbow Warrior'

Sneon 20 juny, 15.30 oere, NPO2 (mei Nederlânske ûndertiteling, werhelling 21 juny 13.10 oere)
Snein 21 juny, 17.00 oere, Omrop Fryslân (werhelling alle oeren)

Noat foar de redaksje

Boarnefermelding ôfbylding: ThomasVaer fotografie.

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 06 - 14 23 98 34.

PERSBERICHT

15 juni 2020

‘Onze Rainbow Warrior’ Sipke Jan Bousema

Als laatste provincie in Nederland hijst ook Fryslân de regenboogvlag, als expliciete steun voor de LHBTI-gemeenschap. In de Fryslân DOK [‘Ús Rainbow Warrior’](#) de strijd van televisiemaker Sipke Jan Bousema om de politiek zover te krijgen.

Op 27 mei stemden 30 van de 43 Friese statenleden vóór de motie om de regenboogvlag te hijsen op Coming Out Day. Een overwinning voor Sipke Jan Bousema, die er achter de schermen lang strijd voor heeft geleverd. In 2016 al had Fryslân een van de eerste ‘regenboogprovincies’ kunnen worden, maar toen stemde een ruime meerderheid in de Staten tegen een regenboogmotie. Een van de argumenten was dat Artikel 1 van de Grondwet de gelijke behandeling van iedereen genoeg borgt, en dat vlaggen voor speciale groepen juist niet gewenst is.

In de Valentijnsspecial van het programma ‘First Dates’ vertelt een geëmotioneerde Sipke Jan wat die afwijzing met hem doet. Zijn ouders reageerden destijds heel goed op zijn coming out, en zij hebben hem altijd gesteund.

In de Fryslân DOK ‘Ús Rainbow Warrior’ praat Sipke Jan in zijn ouderlijk huis in het kleine dorpje Wyns over de paradox van het ‘anders maar niet anders’ zijn. Dat hij nu als BN’er niet veel tegenwind ervaart, maar dat jongens en meisjes in de provincie wel behoefte hebben aan zichtbare steun. De cijfers over pestereien en zelfs suïcide maken dat pijnlijk duidelijk. Documentairemaker Annet Huisman volgt Sipke Jan ook in het bewerken van de politiek. En terwijl er op het provinciehuis gepraat en gepraat wordt, wacht de praktijk niet langer: bij voetbalclubs Drachtster Boys en Be Quick Dokkum gaat de regenboogvlag in top, om uit te stralen dat voetbal voor iedereen is.

Fryslân DOK: ‘Ús Rainbow Warrior’

Zaterdag 20 juni, 15.30 uur, NPO2 (met Nederlandse ondertiteling, herhaling 21 juni 13.10 uur)

Zondag 21 juni, 17.00 uur, Omrop Fryslân (herhaling ieder uur)

Noot voor de redactie

Bronvermelding afbeelding: ThomasVaer fotografie.

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 06 - 14 23 98 34.